
MOASJE (kêst 31 RvO)

Nei oanlieding fan agindapunt fan de ried nr. 7

Fan : Douwe Blom, FNP Súdwest-Fryslân
CDA

Oan : De foarsitter fan de ried

Ûnderwerp : Nij fytspont

Datum riedsgearkomste : 2 febrewaris 2023

It beried heard;

yn betinken hâlde dat:

- it netwurk fan fytspaden en pontsjes in suksesfol en unyk toeristyske foarsjenning is;
 - der yn dat netwurk in ferbining ûntbrekt tusken Súdwest-Fryslân en De Fryske Marren;
 - dit gebiet ûnderdiel is fan it fraaie Nasjonaal Lânskip Súdwest-Fryslân;
 - us mienskiplike VVV Waterland van Friesland de pontsjes mei as titel ‘Oerstekke’ promoat;
 - fytsponsjes hieltyd populêrder wurde yn Fryslân, it farseizoen sûnt 2021 dan ek flink ferlinge is;
 - rekreaasje en toerisme wichtich is foar de ekonomy, wurk en leefberens yn Súdwest-Fryslân;
 - sawol ynwenners as rekreanten tankber gebrûk meitsje fan alle fytspaden en pontsjes;
 - foar oanfoljende ynformaasje sjoch side 2.
-

Diktum:

fersiket it kolleezje:

yn 2023 mei in plan te kommen foar in fytspont tusken (yn e omkriten fan) de Hommerts en Langwar.

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Dizze moasje is

- Oernommen
 Oannommen
 Fersmiten

.....
Griffier

Stimferhâlding

	PvdA	CDA	FNP	VVD	GBTL	D66	NIEUW SOCIAAL	VNLB	GL	CU	FvD	TOTAAL
Foar												
Tsjin												

Oanfoljende ynformaasje:

- Fergelykbere pontsjes binne der bygelyks by: Terherne, Grou en Earnewâld.
- Oersicht fan pontsjes yn 'e Súdwesthoeke. Link: [Overzicht van alle pontjes in Zuidwest Friesland | VVV Friesland Zuidwest \(waterlandvanfriesland.nl\)](https://www.waterlandvanfriesland.nl/)



- Bestearde fytsrûtes geane oer A. Snits of B. Spannenburg
- ➔ Mooglike lokaasje fytspont